

**Ferslach petear Poepjes en Tjalsma (CDA), Roskam en Janssen (PvdA), Kielstra en Fokkens (VVD), Kramer en De Jong (FNP) mei ynformateur Van der Molen
d.d. 8 april 2019.**

Doel fan it petear:

Op 3 april is konkludearre dat der genôch fertrouwen is om mei-inoar fierder te praten oer in mooglike koälysje tusken CDA, PvdA, FNP en VVD. Ofpraat is om mei-inoar de tema's enerzjytransysje en de feangreidefyzje fierder út te djipjen.

Feangreidefyzje:

It ynhâldlike ferskil tusken de partijen liket benammen te sitten yn it tempo en de wize wêrop't doelstellingen formulearre wurde. Der wurdt praat oer in brede oanpak fanút it belang fan behâld fan it lânskip, ferbettering bioferskaat en CO2-reduksje. Dat freget in robúst wettersysteem, wêrby't in goede ekonomyske posysje foar de agraryske bedriuwen mooglik bliuwe moat. Alle partijen binne op syk nei in manier om yn 'e mande mei de gebietskommisjes (wêryn't alle belangen formulearre wurde kinne) in fersnelling yn te setten om de problemen oan te pakken. Maatwurk, draachflak en fleksibiliteit binne yn it bestjoerlike optreden belangrike begripen. Yn 'e tuskentiid moat in Kolleezje de balâns opmeitsje kinne en dêr't dat nedich is bystjoere. Konkludearre wurdt dat de partijen dêr mei-inoar wol útkomme kinne soenen.

Enerzjytransysje:

De diskusje rjochtet him op de doelstellingen út it konsept klimaataakkoart. Mei de besteande strategy, lykas fêstlein yn de rûtekaart 2030, kin de Provinsje dy doelen helje. Dat freget om in yntegrale oanpak en in miks fan ynstruminten. It beheljen fan de doelen troch it pleatsen fan ekstra wynmûnen leit by alle partijen om ferskillende redenen gefoelich. Foar de útfiering fan de Regionale Enerzjy Strategy moat gearwurke wurde mei gemeenten. Fryske enerzjykoöperaasjes moatte, passend binnen it provinsjale belied, rekkenje kinne op in meiwurkjende mentaliteit by de Provinsje.

It aksint op it ûnderstypjen fan partikulier inisjatyf hâldt ek yn dat inkelde partijen pleitsje foar it romhertiger omgean mei lytse wynmûnen by (agraryske) bedriuwen, inkeld en allinnich foar de eigen enerzjybehoefte, en de mooglikheid om doarpsmûnen te ferfangen of ta te stean. Ek is der by ferskate partijen each foar de winsk om, om wille fan it lânskip, it oantal tsjintwurdige wynmûnen te sanearjen. Mei klam wurdt der wiisd op de hjoeddeiske opjefte fan 530-600 megawatt oan wynenerzjy en de politike winsk om binnen dy romte te sjen nei de opmerkingen oer wynmûnen. As der romte bean wurde soe oan lytsskalige wynmûnen sil ek oan lânskiplike betingsten foldien wurde moatte. Partijen fertrouwe derop dat alle winsken, troch de iepen hâlding, yn in kompromis byinoar komme kinne.

Partijen binne it deroer iens dat wannear't de doelstellingen út it klimaataakkoart net helle wurde mei de middels dy't de Provinsje no foar eagen steane, en der doelstellingen troch it Ryk oplein wurde, dêr dan mei-inoar opnij diskusje oer fierd wurde moat. Yn in koälysje-akkoart binne net alle ûntwikkelingen op foarhân te foarsjen. Alle partijen wolle dêryn, mocht de situaasje him foardwaan, ferantwurdlikheid nimme.

Konkludearre wurdt dat der genôch romte is om mei-inoar te kommen ta in oanpak en dat der op dit stuit gjin brekpunten binne dy't in koälysje fan CDA, PvdA, VVD en FNP yn it paad stean kinne soenen.